

Meast stelde fragen

oer Fryske plaknammen



Veel gestelde vragen

over Friese plaatsnamen





1. Wa beslút der oer?

Yn gemeenten kin allinnich de gemeenteried plaknammen fêststelle. Of, troch in delegaasjebeslút fan de ried, it kolleezje fan B&W. In feriening fan doarpsbelang hat dat foech net.

2. Kinne wy gjin twatalige plaknammen brûke (Frysk én Nederlânsk)?

Yn 'e fyftiger jierren hat it Nederlânske regear besluten dat in plaknamme mar yn ien taal brûkt wurde mei (kabinetstânpoint, 9 desimber 1953, II ûnder f). Ek neffens de wet Basis Registraties Adressen en Gebouwen (steatsblêd febrewaris 2008) kin mar ien taal hantearre wurde. Dêrom moat in gemeenteried in offisjele kar meitsje: de plaknammen yn it Frysk of yn it Nederlânsk. In twatalige plaknamme (bygelyks Leeuwarden-Ljouwert) is net rjochtsjildich. Yn de net-offisjele praktyk wurde de plaknammen wol yn beide talen brûkt.

3. Binne der al in soad gemeenten mei Fryske plaknammen?

Ferskate gemeenten yn Fryslân brûke de Frysktalige plaknammen al, guon sels al 20 jier. Dat binne Boarnsterhim en Tytsjerksteradiel (1989), Littenseradiel (1993), Ferwerderadiel (1999), Dantumadiel en Leeuwarderadeel (2009). Yn soartgelikense Europeeske regio's, lykas Kataloanje en Wales, wurde Katalaanske en Welsh-talige plaknammen brûkt. De nammen fan miljoenestêden lykas Peking en Bombay binne sûnt koart offisjeel feroare yn Beijing en Mumbai.



1. Wie besluit er over?

In gemeenten kan alleen de gemeenteraad plaatsnamen vaststellen. Of, door een delegatiebesluit van de raad, het college van B&W. Een vereniging van dorpsbelang heeft die bevoegdheid niet.

2. Kunnen we geen tweetalige plaatsnamen gebruiken (Fries én Nederlands)?

In de jaren vijftig heeft de Nederlandse regering besloten dat een plaatsnaam maar in één taal mag worden gebruikt (kabinetstandpunt, 9 december 1953, II onder f). Ook volgens de wet Basis Registraties Adressen en Gebouwen (staatsblad februari 2008) kan maar één taal gehanteerd worden. Daarom moet een gemeenteraad een officiële keuze maken: de plaatsnamen in het Fries of in het Nederlands. Een tweetalige plaatsnaam (bijvoorbeeld Leeuwarden-Ljouwert) is niet rechtsgeldig. In de niet-officiële praktijk worden de plaatsnamen wel in beide talen gebruikt.

3. Zijn er al veel gemeenten met Friese plaatsnamen?

Verschillende gemeenten in Fryslân gebruiken de Friestalige plaatsnamen al, sommige zelfs al 20 jaar. Het betreft Boarnsterhim en Tytsjerksteradiel (1989), Littenseradiel (1993), Ferwerderadiel (1999), Dantumadiel en Leeuwarderadeel (2009). In soortgelijke Europese regio's, zoals Catalonië en Wales, worden Catalaanse en Welsh-talige plaatsnamen gebruikt. De namen van miljoenensteden zoals Peking en Bombay zijn sinds kort officieel veranderd in Beijing en Mumbai.

4. Is it dreech om plakken mei Frysk-talige nammen te finen?

It argumint dat plakken mei Fryske nammen op autokaarten ensafuorthinne net mear werom fûn wurde kinne strykt net mei de feiten. De ynwenners en ûndernimmers yn 'e gemeenten dêr't de Frysktalige plaknammen ynfierd binne, kinne dat befêstigje. Mei in goede foarljochting yn't foar troch gemeente, ynwenners en bedriuwen binne eventuele misferstannen foar te kommen. Op ANWB-buorden wurde de nije nammen frij gau oanbrocht. Navigaasjeapparatuere fan TomTom is basearre op 'e kaarten dy't troch TeleAtlas makke wurde. TeleAtlas brûkt fan 2008 ôf allinnich de offisjele plaknammen dy't troch de gemeenterieden fêststeld binne. Jierliks wurdt de Bosatlas fernijd en wurde de Fryske plaknammen werjûn mei dêrûnder de Nederlânske namme.

5. Kinne jo leveransiers jo bedriuw wol fine?

Mei de kompjûter kinne jo hiel ienfâldich achter de namme Menaldum "(Menaam)" sette. Dat hoege jo mar ien kear yn te stellen. De ûnderfining leart dat pleatslike bedriuwen al ridlik gau allinnich de Fryske fariant brûke sille. Boppelokale bedriuwen wurkje wat langer mei dûbelde nammen. Set yn 'e "disclaimer" fan jo e-mail "Attentie logistiek: de plaatsnaam Menaldum is veranderd in Menaam". Sa witte de logistike ôfdielings dat sjauffeurs der efkes goed om tinke moatte.

6. Moatte de plaknammebuorden ek fernijd wurde?

Plaknammebuorden hoege yn prinsipe net feroare te wurden. As de gemeente it dochs wol, kin dat dien wurde op it stuit dat de gemeente it sels wol (bygelyks as se stikken binne, technysk ôfskreaun ensfh.). Sa kostet it de gemeente gjin ekstra jild. It is de frije kar fan gemeenten hoe't de plaknammen der nei in nammewiziging út komme te sjen: ofwol Frysk boppe-oan en Nederlânsk dêrûnder, of allinnich yn it Frysk, of earst noch in perioade Nederlânsk boppe en Frysk dêrûnder.

4. Is het lastig om plaatsen met Friestalige namen te vinden?

Het argument dat plaatsen met Friese namen op autokaarten en dergelijke niet meer teruggevonden kunnen worden klopt niet met de feiten. De inwoners en ondernemers in de gemeenten waar de Friestalige plaatsnamen zijn ingevoerd, kunnen dit bevestigen. Met een goede voorlichting vooraf door gemeente, inwoners en bedrijven zelf zijn eventuele misverstanden te voorkomen. Op ANWB-borden worden de nieuwe namen vrij snel aangebracht. Navigatieapparatuur van TomTom is gebaseerd op de kaarten die door TeleAtlas worden gemaakt. TeleAtlas gebruikt vanaf 2008 alleen de officiële plaatsnamen die door de gemeenteraden zijn vastgesteld. Jaarlijks wordt de Bosatlas vernieuwd en worden de Friese plaatsnamen weergegeven met daaronder de Nederlandse naam.

5. Kunnen uw leveranciers uw bedrijf wel vinden?

Met uw computer kunt u heel eenvoudig achter de naam Menaldum "(Menaam)" zetten. Zoiets hoeft u maar één keer in te stellen. De ervaring leert dat plaatselijke bedrijven al redelijk snel alleen de Friese variant gaan gebruiken. Bovenlokale bedrijven werken wat langer met dubbele namen. Zet in de "disclaimer" van uw e-mail "Attentie logistiek: de plaatsnaam Menaldum is veranderd in Menaam". Zo weten de logistieke afdelingen dat chauffeurs even goed op moeten letten.

6. Moeten de plaatsnaamborden ook worden vernieuwd?

Plaatsnaamborden hoeven in principe niet veranderd te worden. Indien de gemeente het toch wil, kan dit op het moment dat de gemeente dit zelf wil (bijvoorbeeld als ze kapot zijn, technisch afgeschreven etc.). Op deze manier kost het de gemeente geen extra geld. Het is de vrije keuze van gemeenten hoe de plaatsnamen er na een naamswijziging uit komen te zien: ofwel Fries bovenaan en Nederlands daaronder, of alleen in het Fries, of eerst nog een periode Nederlands boven en Fries beneden.



Leeuwarden
Ljouwert

Wolkom yn ús haadstêd
Welkom in onze hoofdstad



7. Binne der by de postbesoarging problemen te ferwachtsjen?

By de (automatyske) postsortearring wurdt nei de postkoade en it húsnûmer sjoen. Plaknammen spylje eins gjin rol mear. De skriuwwize fan plaknammen is dus gjin probleem. Grutte bedriuwen en ynstânsjes brûke boppedat digitale adressebestannen fan postbedriuwen, dêr't allinnich de offisjele plaknammen yn stean. De Fryske plaknammen steane dêrom al gau nei de ynfiering op 'e measte poststikken.

8. Hoe sit it mei dokuminten as paspoarten en rydbewizen?

Yn paspoarten en rydbewizen feroaret neat. By úttreksels út de GBA (Gemeentlike Basis Administraasje) is sprake fan de fermelding fan (nije) plaknammen.

9. Nimme Gouden Gids en de Telefoan-gids Fryske plaknammen wol op?

Yn telefoan- en Gouden gidsen wurde nije plaknammen meastentiids al yn 'e folgjende edysje feroare. Troch as gemeente rom op 'e tiid kontakt op te nimmen mei de oanbelangjende bedriuwen kinne de digitale gegevens foar de kommende ferskining al oanpast wurde.

10. Binne der in soad kosten mei anneks?

De Topografyske Wurkgroep Fryslân hat foar gemeenten in tiidspaad útstippele om sa de kosten te beheinen. Dêryn wurdt folop rekken hâlden mei it ôfskriuwen fan de plaknammebuorden en de ANWB-hânwizers.

Boppedat jout de provinsje subsydzje. Gemeenten kinne nammentlik subsydzje foar sichtberens fan de Fryske taal by de provinsje Fryslân oanfreegje (oant maksimaal € 20.000). Dantumadiel hat foar de ynfiering fan Frysktalige plak-, strjit- en gemeentenammen al mei súkses in oanfraach dien. Sjoch www.taaltreffen.nl.

7. Zijn er bij de postbezorging problemen te verwachten?

Bij de (automatische) postsortering wordt naar postcode en huisnummer gekeken. Plaatsnamen spelen eigenlijk geen rol meer. De schrijfwijze van plaatsnamen is dus geen probleem. Grote bedrijven en instanties gebruiken bovendien digitale adressenbestanden van postbedrijven, waarin alleen de officiële plaatsnamen staan. De Friese plaatsnamen staan daarom al snel na de invoering op de meeste poststukken.

8. Hoe zit het met documenten als paspoorten en rijbewijzen?

In paspoorten en rijbewijzen verandert niets. Bij uittreksels uit de GBA (Gemeentelijke Basis Administratie) is er sprake van de vermelding van (nieuwe) plaatsnamen.

9. Nemen Gouden Gids en de Telefoon-gids Friese plaatsnamen wel op?

In telefoon- en Gouden gidsen worden nieuwe plaatsnamen meestal al in de volgende editie veranderd. Door als gemeente ruim op tijd contact op te nemen met de betreffende bedrijven kunnen de digitale gegevens voor de volgende verschijning al worden aangepast.

10. Zijn er veel kosten mee gemoeid?

De Topografyske Wurkgroep Fryslân heeft voor gemeenten een tijdspaad uitgestippeld om hiermee de kosten te beperken. Hierin wordt volop rekening gehouden met het afschrijven van de plaatsnaamborden en de ANWB-handwizers.

Bovendien geeft de provincie subsidie. Gemeenten kunnen namelijk subsidie voor zichtbaarheid van de Friese taal bij de provincie Fryslân aanvragen (tot maximaal € 20.000). Dantumadiel heeft voor de invoering van Friestalige plaats-, straat- en gemeentenamen al met succes een aanvraag gedaan. Zie www.taaltreffen.nl.

In ûnderlizzende fraach soe wêze kinne: 'Hoefolle jild wolle jo ynvestearje yn taal- en kultuerbelied'.

Bedriuwen kinne mei de kompjûter sûnder ekstra kosten oanfolgings op it briefpapier, de website en de e-mail oanbringe. Op har website kinne se fergees in routeplanner fan de ANWB sette, dy't de klanten oant de foardoar bringt. Doch fierder krekt as de gemeente sels: pas in oergongstiid ta foar oanpassing fan de hússtyl, teksten op bedriuwauto's, bedriuwbuorden ensafuorthinne.

Om famylje, freonen en klanten te ynformearjen is der e-mail. Yn dat gefal binne der gjin ekstra kosten.

Een onderliggende vraag zou kunnen zijn: 'Hoeveel geld wilt u investeren in taal- en cultuurbeleid'.

Bedrijven kunnen met de computer zonder extra kosten aanvullingen op het briefpapier, de website en de e-mail aanbrengen. Op hun website kunnen ze gratis een routeplanner van de ANWB zetten, die de klanten tot aan de voordeur brengt. Doe verder net als de gemeente: Voer een overgangstijd in voor aanpassing van de huisstijl, teksten op bedrijfsauto's, bedrijfsborden en dergelijke.

Om familie, vrienden en klanten te informeren is er e-mail. In dat geval zijn er geen extra kosten.

1 1. Hawwe plaknammeferoarings neidielige ekonomyske konsekwinsjes?

In soad minsken tochten dat de nammewiziging fan it toeristyske Earnewoude yn Earnewâld ekonomysk neidiel opsmite soe. Dat hat lykwols net bliken dien. De Fryske taal en kultuer jouwe ús provinsje en dus ek ús bedriuwen wat unyks. Dêrom brûke sy Fryske útdrukkings. It Fryske karakter ûnderskiedt har fan alle oare bedriuwen, is dêrmei unyk. Guon bedriuwen brûke dat 'unique selling point' al yn har reklamespots op 'e lanlike tv en radio.

1 2. Is Fryslân mei syn Fryske plaknammen en 'wetternammen' unyk yn Europa?

Nee. Yn Europa is it krekt hiel gewoan dat regio's plaknammen yn 'e eigen taal hantearje.

De slogan fan de Europeeske kommisje is net foar neat 'ienheid yn ferskaat'. Minsken hawwe ferlet oan eigenheid yn 'e oanhâldende groeiende globalisearring. Regio's wurde dêrtroch wichtiger en it gebrûk fan de eigen taal ek.

Foar mear ynformaasje, nim kontakt op mei it Taalteam fan 'e provinsje Fryslân. Foar adressen, sjoch www.taaltreffen.nl.

1 1. Hebben plaatsnaamveranderingen nadelige economische consequenties?

Velen dachten dat de naamswijziging van het toeristische Earnewoude in Earnewâld economisch nadeel zou opleveren. Dat is niet gebleken. De Friese taal en cultuur geven onze provincie en dus ook onze bedrijven iets unieks. Daarom gebruiken zij Friese uitdrukkingen. Het Friese karakter onderscheidt hen van alle andere bedrijven, is daarmee uniek. Sommige bedrijven gebruiken dit 'unique selling point' al in hun reclamespots op de landelijke tv en radio.

1 2. Is Fryslân met zijn Friese plaatsnamen en 'waternamen' uniek in Europa?

Nee. In Europa is het juist heel gewoon dat regio's plaatsnamen in de eigen taal hanteren. De slogan van de Europese commissie is niet voor niets 'eenheid in verscheidenheid'. Mensen hebben behoefte aan eigenheid in de voortdurende groeiende globalisering. Regio's worden daardoor belangrijker en het gebruik van de eigen taal ook.

Voor meer informatie, neem contact op met het Taalteam van de provincie Fryslân. Voor adressen, zie www.taaltreffen.nl.